

Réaltán Ní Leannáin

Is iomaí cor

Fryske oersetting / Frisian translation:

Janneke Spoelstra

In útglieder is gau makke

Siubhán Ní Bhrádaigh beseach de sierlike reade skoech yn it etalaazjerút. Karmozyn rôs mear as read, makke fan Italjaansk lear, sa fyn, mei lytse kraaltsjes en sierrântsjes. In geweldich moaie hege hakke, mar soest de nekke brekke kinne ast se oan hiest.

Siubhán. Skoech oan. Skoech út. Sa neamden se har op skoalle yn Dublin. It Keninklik Ynstitút wie in partikuliere skoalle, mei sawol aardige as net sa aardige learlingen dy't allegear territoarium claimden en de pikoarder fêststelden. Guon studinten hiene besocht har de gek oan te stekken, troch har *Skoech-oan*, of soms, *Skoech-út* te neamen. It wurke. Skoech oan. Skoech út. Seán en Ruth neamden har 'Shue', en dat fûn se prima. Sy trijen begûnen harsels de 'Shue-Crew' te neamen, wêrmei't se de krêft fan 'e narders weinamen.

Yn harren stúdzjetiid, nei't se fan it Ynstitút nei ferskillende universiteiten yn Dublin gien wiene, troffen se inoar noch geregeld. Ruth studearre Muzyk. Seán skreau him yn foar Skiednis. Beide stúdzjes fan trije jier. Hast in jier lyn no dat se ôfstudearre wiene, Seán wie noch wurkleas en dielde in lytse wenning mei syn mem. Ruth wenne noch thús, yn it grutte, reade bakstiennen Fiktoriaanske hûs, dêr't se yn opgroeid wie, oan 'e igge fan 'e Dodder. Ruth har âlden woene gjin praat hearre oer in útkearing en joegen har in talage. Alle oaren fan harren leeftiid wiene wurkleas, diene in ûnbetelle staaazje, of reizgen ôf nei Kanada of Australië.

Shue hie in fjouwerjierrige stúdzje útsocht, Rjochten en Spaansk. Sy hie in geweldich tredde stúdzjejier yn Valencia. Sinne, see, gjin âldelju yn 'e buert – en in oantreklike libbensstyl. Studearje, út en troch in Ingelske kursus jaan – en it jild útjaan sagau't se yn 'e bars fan Benimaclet wie. Se hie der net nei útsjoen om werom te kommen en it lêste stúdzjejier op kosten fan har âlden te wenjen yn harren eigen reade bakstiennen hûs oan 'e rivier even fierder as Ruth. Mar se hie gjin jild, dus gjin oare opsje.

De ein fan it fjirde jier kaam no yn 't sicht en it ôfstudearjen koe net gau genôch komme. Mei in diploma rjochten soe se in opliedingsplak as advokaat krije kinne. Ien fan 'e freonen fan har âlden soe har miskien oannimme. En oars, se soe ek weromgean kinne nei Valencia om Ingelsk te jaan. Of yoga.

Se seach wer nei it sierlik stik ûnbenulligens. No, se soe de nekke brekke op dy hakken. En boppedat, read wie perfoarst net har kleur. Mear dy fan Ruth.

Ruth. Dy't altyd it bokje wie by leararen, omdat se draafde as se rinne moatte soe. Prate as se harkje moatte soe. Earme Ruth. Spitich dat se net hurder draafde doe't Romeo har libben yn rûn.

Romeo wie in Gryk dy't ôffalbakken neiseach, sa't Shue har âldere broer it sa elegant sei. Om te ûntkommen oan militêre tsjinst yn Grikelân, strûnde er hiel Europa troch by de ôffalbakken lâns om iten – heal opiten burgers, bôle fan supermerken dy't oer de datum wie, oerbleaune koarsten. Hy sliepte ûnder de bleate loft en rekke itend út ôffalbakken fierder en fierder fan Grikelân ôf oant er yn Ierlân kaam en net fierder koe. Op in dei siet er op in bank neist Ruth, op 'e houten steger dy't by de Liffey lâns rûn. Sy wie troch har cv's hinne, dy't se ynlevere by winkels en bars, en naam efkes lins fan har banejacht.

Se begûnen te praten. Gewoan sa't frjemden mei-inoar prate – it waar, de priis fan americano's om mei te nimmen, wer it waar, polityk ... twa jonge minsken sûnder wurk en mei in soad tiid om hannen.

'Hawwe jim no wat mei-inoar, hoe sit dat?' frege Shue.

Se wiene yn Shue har keuken, teekoppen yn 'e hân. Ruth siet neist it fornús, har favoryt plak. Ruth hold fan komfort. It mocht dan simmer wêze, mar waarm wie it net. Se gycbele.

'Ja – myn earste echte feint. Is Romeo net geweldich?'

'Romeo? O, kom op, Ruth, wat is der mis mei dy namme?'

‘Hy kin tsjin net ien syn echte namme sizze, foar it gefal de Grykske autoriteiten neifraach dogge.’

‘Net iens tsjin dy?’

‘Net iens tsjin my. It is om my te beskermjen. Mar ‘Romeo’ fyn ik presys goed. Hiel romantysk. Krekt sa’t er is.’

Nettsjinstearde de warskôgingen fan Seán en Shue om it kalm oan te dwaan, gie Ruth alhiel foar Romeo. En wa soe dêr wat fan sizze? Ingelsk mei in eksoatysk aksint, oliifkleurich fel troch swarte krollen omjûn en djippe, djippe donkere eagen, Romeo die de namme alle eare oan.

In pear wike lyn gie Shue op in jûn by Ruth en dy lâns. Se hie Ruth in skoftke net sjoen. Te drok mei de Gryk wierskynlik. Ruth har âlden wennen yn in grut frijsteand hûs oan ’e Dodder. Har efortún grinze oan ’e rivier. Geweldich sjyk. Mar de stim dy’t se hearde troch de sletten túndoar, wylst se noch op ’e dyk stie, wie alhiel net geweldich sjyk.

‘Ruth! Brûk dyn ferstân. It is in idioat, in dakleaze oelwapper dy’t neat kin. Wat kin hy dy biede?’

‘We binne fereale, heit, dat is alles wat telt.’

‘Do kinst net fereale wêze op sa’n ûnbenul. Do witst syn echte namme net iens. Ik wit net wat slimmer is – dat myn dochter sa stom is of dy Grykske swalker.’

De doar fleach iepen foar’t Shue tiid hie om oan ’e kant te kommen. Shue woe Ruth har heit net treffe yn sa’n gemoedstastân. Mar it wie Ruth, snokkend, de jas wappere efter har oan. Se rûn Shue foarby en ferdwûn om ’e hoeke. Shue folge en fûn har in eintsje fierder op ’e dyk.

‘Ruth, is alles okee?’

‘Us heit is sa âlderwetsk!’ antwurde se, tusken twa snokken. ‘Ik wie net fan doel om Romeo mei te nimmen yn ’e hûs, it barde gewoan. We wiene dronken, en doe kamen sy werom en, en-’

It die bliken dat har âlden iten hiene op ’e golfklup en krekt foar tolven weromkamen. Se troffen in lege wodkaflasse oan en twa lege glêzen op it drankkastje – en Ruth har sliepkeamersdoar op ’t slot. Har mem gûlde, har heit drige de doar iepen te brekken. Doe’t der gjin antwurd kaam fan ’e twa yn ’e keamer, die er alle doarren fan it hûs op ’t slot, foar it gefal dat Romeo nei bûten komme soe wylst se sliepten en in oantinken meinimme soe. Wat fan harren *Waterford*-kristal, miskien, of ien fan ’e laptops. Ruth har âlden sliepten amper, oant de útputting yn ’e lytse oerkes einlings syn wurk die.

Doe’t Ruth de oare moarns ta de sliepkeamer út kaam, wiene har âlden noch djip yn ’e sliep. Se krige Romeo de foardoar út, wylst sy noch sliepten. Mar se moast se ûnder eagen komme, doe’t se letter dy moarns fan it bêd ôf kamen...

Har âlden smieten it der allegear út. De jonge hie gjin namme en gjin jild. Hy wie in swalker dy’t yn opfanghuzen wenne. Hy iet út ôffalbakken. Wêrom hiene se har studearje litten. Wêrom gie se net mei in aardige studint medisinen, of in toskedokter of in accountant. Wurden waarden gjalpen, gjalpen waarden triennen, en dy foelen oan beide kanten. Ruth moast him opjaan en har ferstân brûke. Dit wie harren hûs, dêr moast se goed om tinke.

Shue siet op ’e bank by de Dodder, wylst Ruth har galle spuide.

‘Us heit en mem binne sa ûnearlik, it is syn skuld net dat er hjir net wurkje kin.’

‘Wa syn skuld is it dan?’

Ruth seach lilck nei Shue.

‘Begjinsto no ek al, Shue? Hy kin syn paspoart net brûke en dêrom kin er net in boargerservicenûmer krije. It is allegear de skuld fan it Grykske leger.’

Shue siet in skoftke stil foar har út te sjen. Wat koe se sizze sûnder dat Ruth oereingean en fuortrinne soe? Ruth, altyd ferstannich, altyd in helder oardiel. Oant Romeo kaam.

‘As er himsels oanjout-’

‘Nee! Dat kin net, dan triuwe se him yn ’e finzenis.’

‘Mar hy krijt hjir noait in kear in baan sûnder boargerservicenûmer, identiteitsbewiis en sa.’

‘We moatte gewoan in manier fine. Ien of oare manier. Hoe dan ek.’

Shue liet Ruth efter op ’e bank, stoarjend nei de rivier sûnder him te sjen.

In wike letter trof se Ruth krekt wer, de jûn dat se ôfptraat hiene om nei *Captain America’s* te gean om in burger. Se kamen geregeld by *Captain’s*. It wie dêr goedkeap en gesellich. Se troffen inoar boppe-oan Grafton Street. Doe’t Ruth en Romeo arrivearren, ferklearre Ruth lykwols dat sy der net yngiene te iten. Romeo stie mei in earm by Ruth om ’e nekke slein en seach nei Shue en Seán troch syn lange, swarte eachteisters.

‘Romeo en ik rinne Grafton Street del en keapje in burger en kofje om mei te nimmen. We treffe jimme letter wol, by Stephen’s Green. Wy hawwe net genôch jild foar *Captain’s*,’ sei Ruth.

Stilte. In pear tellen.

‘Mar we hawwe dit al tiden lyn ôfptraat, Ruth. Net ien fan ús hat in protte jild. Do kaamst altyd – foartiid,’ sei Seán.

‘Dat wit ik, mar Romeo hat hielendal gjin jild, want hy hat gjin útkearing. Ik gean net sûnder him nei binnen,’ antwurde Ruth.

Seán luts de wynbrauwen dêrby sa heech op dat se him hast oer de holle hinne tearden nei de nekke ta. Seán libbe nei syn ôfstudearjen fan in útkearing, wylst Ruth nei har ôfstudearjen op kosten fan har âlden libbe. Hy wenne ek thús by syn mem. Mar syn mem hie

in lyts hûs mei twa sliepkeamers yn Dún Laoghaire, net in frijsteand hûs mei fiif sliepkeamers en in sêre mei sicht op 'e Dodder. Hy soarge der lykwols altyd foar dat er wat lutsjild ûnder it kessen hie, sadat er út en troch mei de âlde 'Shue-ploech' op stap koe.

Ruth seach de útdrukking op it gesicht fan har beide freonen net. Se stapte oer de dyk mei Romeo oan 'e hân, om in kofje en in burger om mei te nimmen foar him te keapjen en dan nei harren bank yn Stephen's Green ta te setten. Shue en Seán seagen har efternei. Seán luts oan 'e skouders.

Shue sei: 'Kom op. Wy kinne likegoed ite. Ik fergean fan 'e honger.'

Seán mijde it hiel bewust om oer 'dy fint', sa't er Romeo neamde, te praten en lyksa die Shue. Se ieten fluch en tochten oan de oare beide bûtendoar op 'e bank yn it park.

Se troffen inoar nei *Captain's* wer yn Grafton Street. Ruth wie allinnich.

'Wêr is-'

'Romeo moast fuort. Je moatte betiid yn 'e rige foar de dakleaze-opfang,' sei Ruth prot.

'O, wat spitich,' sei Seán.

Se rûnen tusken de kloften folk troch en harken nei de strjitmuzikanten.

'Romeo hat echt mear problemen as dat jim tinke,' sei Ruth, 'hy moat alle nachten in plak fine om te sliepen. It is sa spannend foar my. Ik sit sa oer him yn noed. En dy opfangen binne ferskriklike plakken.'

Tsjin de tiid dat se op 'e oare ein fan Grafton Street wiene, wiene se aardich op 'e hichte fan 'e ferskillende aspekten fan dakleazens. Se seagen nei de ringen by *Weirs, the Jewellers* en Ruth barste út –

'Romeo soe graach wurkje wolle, mar hy kin net iens bystân krije hjir – en dat soe al kinne moatte meidat Grikelân en wy beide yn 'e EU sitte.'

'Mar wêrom docht er dat dan net? Wurkje, bedoel ik,' sei Seán, deakalm.

‘Syn status is ... ûngewoan.’

‘Hy is in deserteur.’

‘Hy is in pasifist.’

‘Hy moat it regelje mei Grikelân,’ antwurde Seán.

Se wiene by de haadyngong fan Trinity op dat stuit.

‘Hy krijt syn klean fan in helporganisaasje,’ sei Ruth, ‘teminsten, dy dy’t ik net foar him keapje – dy moaie ynstappers en shirtsjes. Witst, dingen dy’tst net fan dat soarte fan plakken krije wolst of ast wat stylfols hawwe wolst.’

‘Ik haw mines fan ’e Vincent de Paul-winkel neist ús. Se jouwe koarting as se dy in bytsje kenne,’ antwurde Seán gau. Hy struts syn hoody soarchfâldich glêd.

‘Tsja, do sprekst de taal. Romeo leart noch-’

‘Fan dy?’

‘– en do moatst stadich prate, sadat er dy better begripe kin. Do moatst echt better dyn bêst dwaan. Doch it om my,’ sei Ruth lilck.

Se stiene op ’e O’Connell Street-brêge en harken noch nei Ruth.

‘Us heit en mem wolle him net wer yn ’e hûs hawwe. Us heit seit dat er de plysje belje sil, as ik him wer meinim. Hy seit dat Romeo in swalker is. In swalker! Se begripe him net. Se behannelje my as in lyts bern. Ik haatsje harren soms!’

Shue woe der wat tsjinyn lizze, mar Seán lei har in warskôgjende hân op ’e earm.

‘Lust, leave, de woartel fan alle idioatens,’ mompele er yn har ear, wylst Ruth trochseurde, dizze kear oer de maatskippij en ûngelikensens. Shue seach nei him en knikte. Dit wie net it momint. It probleem wie, it wie hieltyd minder it momint om mei Ruth te praten.

Doe’t Ruth einlings gjin punten mear fine koe oangeande Romeo’s problemen mei it libben, har eigen problemen mei har âlden, West-Europa’s problemen mei militêre tsjinst,

dakleazens en Gryksk-Ingelske taalkundige problemen, bekaam se en gûlde se in bytsje. Seán wie ynwindich noch poerlik, dat se net in pear euro fan har talage útsparje koe om ien jûn yn 'e God wit hoefolle tiid mei harren op stap te gean. Shue fûn it fertocht dat de jonge noch hieltyd net ien fan harren – mar benammen de frou dêr't er mei omsloech – syn werklike namme tafertroude.

Fansels einige dy jûn net yn *Copper Faced Jack's*, sa't de bedoeling west hie. Se giene útinoar by de O'Connell-brêge. Seán stapte op 'e trein, de fammen giene tegearre mei de bus, sieten yn stilte neistinoar. Doe't Ruth by har halte oereingie om út te stappen, sei Shue neat tsjin har ta ôfskied. Shue wie te lilik op Ruth, lilik op dy stomme Romeo en lilik op harsels en Seán, omdat se Ruth en Romeo harren stapjûn bedjerre lieten. Ruth sei ek neat.

Dêrnei hearden se in skoftke neat fan Ruth. Gjinn sms-kes, gjinn emailberjochten, gjinn meldingen op 'e sosjale media. Om earlik te wêzen fûnen se dat ek neat net slim. Seán socht nei wurkfergunningen foar Kanada, Shue rûne har stúdzje ôf.

In pear wiken letter siet Shue thús op 'e bank mei in kop tee foar de telefyzje. Se belle Seán – mei de fêste telefoan fan har mem, se hie gjinn tegoed mear op har mobyltsje.

‘Dus do hast ek neat fan har heard? Nee? Frjemd!’ sei hy.

‘Nee. En se jout gjinn antwurd op sms-kes of oare berjochten,’ sei Shue.

‘No, we hawwe fan him ek net in mobyl nûmer. Dus we kinne him net belje, oft hy ek mear wit. We witte syn echte namme net iens.’

‘Tsja,’ snúfde Shue, ‘kom op, *Romeo*? Wat seit dat oer dy jonge? Wa wit is er trije kear troude en hat er God wit hoefolle bern?’

‘Ach, it draait grif op triennen út,’ sei Seán ûnferskillich.

‘En dat seagen wy alhiel net oankommen!’ keatste Shue werom.

Se hiene it ek noch oer oare saken – Seáns oanfraach fan in fisum. It nijste freontsje (fan him, net fan har). Shue har eksamen. It lijen fan by jins âlden te wenjen...

Shue sliepte de freedtenachts om trije oere, doe't har mobyltsje oergie. Ferhipte broer, tocht se, hat er de húskaaïen wer weitôge yn ien of oare kroech.

'Jaaa,' suchte se, mei de eagen noch ticht.

'Shue, Ruth hjirre, kin ik by jimme oernachtsje?'

'Ja, fansels', mompele Shue, mei de eagen noch ticht, en se hope dat Ruth noch yn 'e stêd en trije kertier yn in nachtbus ûnderweis wêze soe. It bêd wie sa waarm. 'Wêr bisto?'

'Bûten, by jimme foar de doar.'

Ferdomme.

'Mmmmmm ... Okee. Jou my in minút,' mompele Shue.

Se glied fan 't bêd ôf en rûn op 'e teannen stil by de trep del. Se die de foardoar stil fan 't slot en liet in beevjende Ruth mei útrûne maskara deryn.

'Yn 'e keuken,' flústere Shue.

'Yn 'e goedichheid, Ruth, do sjochst der net út,' sei Shue, wylst se de keukendoar goed tichtdie. Se late Ruth nei in stoel by it fornús en sette har dêr op. 'Wat is der bard?'

'R-R-Romeo,' stammere Ruth, 'hy woe wer by ús thús oernachtsje. Hy wie te let foar de slutingstiid fan 'e opfang. En ús heit en mem haatsje him. En ik krij hieltyd de wyn fan foaren fan him *en* fan ús heit en mem, en ik haw myn nocht derfan. Dat ik sei him dat it net koe.'

Se sloech de earms om it waarme fornús, mei de holle nei ûnderen, en seach Shue net oan.

'Hat er dy slein?' woe Shue witte, ien earm op 'e heup, de eagen strang, wylst se de tsjettel opsette foar tee.

'H-hy besocht it, mar ik warde him ôf en treau him fuort.'

'En doe?'

'Hy glied efterút yn 'e blabze by ús efterhûs en foel yn 'e Dodder!' jammere Ruth.

‘Shh ... meitsje de âldelju net wekker,’ warskôge Shue, ‘en?’

‘Ik wit it net. It is tsjuster, ik koe neat sjen, ik wie bang. Ik draafde it hiele ein hjirhinne.’

Shue gie by de tafel sitten mei twa koppen tee en tocht nei.

‘Okee, dan,’ sei se nei in pear minuten, ‘hy moat him mar rêde. It is healwei fjouweren en do bist skjin ynein. We sjogge moarn wol fierder.’

Ruth snottere in bytsje, mar gie der net tsjin yn. Se nipte earst fan ’e tee en dronk dy doe mei grutte swolgen op.

‘Okee, kom op. Do kinst yn ’e útfanhûzerskeamer sliepe,’ sei Shue en lei in warskôgjende finger op ’e lippen. ‘Meitsje ús mem net wekker,’ systere se, wylst se nei boppen giene.

In útrêste, mear oannimlike Ruth kaam de oare moarns út ’e útfanhûzerskeamer. Se fertelde Shue dat de relaasje hurd efterút gien wie. Ruth woe in baan om net mear fan har âlden ôf te hingjen. Romeo woe dat Ruth noch hurder om in baan sykje soe, sadat se ek it hûs út koe. Allinne mar omdat hy dan fergees by har ynwenje kinne soe. De lust bekuolle en de argewaasje oer inoar kaam opsetten. Unienichheid, rûzjes. Shue fermoede dat der doe ek alris in hân driigjend omheech gien wie, mar sei neat.

‘O, Shue, ik fiël my sa stom. Hoe kin ik ea tocht hawwe dat ik fan him hold?’

‘It kin altyd raarder,’ sei Shue, ‘en as er weromkomt, stiesto him. Hy gie te fier fannacht en dat sil er net nochris dwaan.’

Ruth begûn wer te gûlen.

‘Hy wie sa aardich oant justerjûn,’ sei se. ‘Mar justerjûn, justerjûn folge er my yn ’e bus. Ik hie it net iens yn ’e gaten oant er by deselde halte, efter my, útstapte. Hy sei hieltyd wer dat er mei my by ús thús oernachtsje woe. Ik sei tsjin him dat dat net koe, mar hy sei dat er dat dochs die.’

‘En hy bedarre yn ’e rivier.’

‘Ja.’

Ruth lake no, foar it earst yn moannen, en se wist dat se echt noait wer wat mei him te meitsjen hawwe woe. Doe’t se Romeo yn ’e blabze útgliden en mei in plûns yn ’e rivier fallen seach, hie se dêr ynienen hiel wis fan west. Gjin rûzjes mear, gjin triennen.

Se fielde gewoan dat se rjochter op rûn no, se besleat noait wer kontakt mei him op te nimmen. Shue feroare syn kontaktgegevens op Ruth har mobyl, lake wylst se syn yngong fan *Romeo yn Hat-west* feroare.

Shue en Ruth brochten de dei troch yn in ûntspannen sfear. Se diene putsjes foar Shue har mem. Se rûnen yn it park en praten, praten, praten. Se praten oer Seán syn nije freon, oer emigraasje (foar Ruth), de foar- en neidielen fan in staaazjeplak op in advokatekantoar en thús te wenjen of Ingelske kursussen te jaan yn Valencia (foar Shue). Se praten oer Romeo, no de dogeneat yn it stik foar Ruth. Se laken as se deroan tochten hoe’t er oant de earmholten ta yn in ûndjip rivierbêd siet yn it smoarge wetter fan Dublin. Teminsten, dat diene se oant se dy jûns nei it nijs fan seis oere seagen.

‘... en fierder wol de plysje fan Dublin graach ynformaasje oangeande in man, tusken de tweintich en tritich jier âld, dy’t fan ’e moarn betiid fûn waard, hy is ferdronken yn ’e Dodder yn ’e buert fan Orwell Road. Se tochten dat de man deryn fallen wie en de holle stompt hie op ’e boaiem fan ’e rivier, omdat er ferdronken wie yn noch gjin tweintich sintimeter wetter. Der wurdt net tocht oan in misdriuw. Der waarden gjin identiteitspapieren fûn by de man ...’

Doe’t Shue har nei Ruth omdraaide, seach se de ôfgriis op har gesicht. Shue lei in finger op ’e lippen. Se wisten ommers syn namme ek net iens.